

By sêne 1

Suertsje

Allegear:

Sake is in suertsje
Sake is net fûl
Sake is sa slop as fiterdrop
en Sake is net cool
Sake stiet te dreamen yn 'e sinne
en de hiele wrâld rint oer him hinne

Sake:

Sa tinke de oaren oer my
mar dan tink ik: Hoe komme se derby?
Ik bin tefreden mei myn libben,
mei alles wat ik ha
Ik hoech net mear, ik hoech net minder,
ik kin hjir wol mei ta


Allegear:

Sake is in suertsje
Sake is net fûl
Sake is sa slop as fiterdrop
en Sake is net cool
Sake hat in suterich bestean
Hy draacht ek fan dy suterige klean

Sake:

Sa prate de oaren oer my
No ja, tinke en prate, dat stiet frij
Se meie tinke wat se wolle,
ik lit se rêstich roppe
Jim sizze: ik stean der bûten?
Wolnee, ik stean derboppe

Wa moat der noch in suertsje
of in stikje fiterdrop?
As it moat fret ik jim allegearre op!



By sêne 2

Willy Wonka's superreep

Wat is de bêste sûkelade yn 'e wrâld
dêr't elkenien mei goeie smaak
sa'n soad fan hâldt

Willy Willy Wonka
Willy Willy Wonka
Willy Willy Wonka
Superreep
Hazzenút of butterscotch,
wite mei resinen

Willy Willy Wonka
Willy Willy Wonka
Willy Willy Wonka
Superreep
Foar de swiete mule
is gjin better' reep te finen

In feest foar de tosk en de tonge
al ha wy der ek de bek fan fol,
we bliuwe fleurich sjongen

Willy Willy Wonka
Willy Willy Wonka
Willy Willy Wonka
Superreep
Mei karamel of kofjesmaak
fanylje of mei rys

Willy Willy Wonka
Superreep
it sûkeladeparadys!!

By sêne 3

Fiif gouden wikkels

Der giet in flústering troch it lân
Fiif gouden wikkels, fiif gouden wikkels
Der is fan alles oan 'e hân
Fiif gouden wikkels, fiif gouden wikkels
Elkenien jaget op de fiif gouden wikkels
mei it swit op 'e kop en de kribels yn it liif
Ien, ien, twa, twa, trije, trije, fjouwer, fjouwer, fiif!

Elke Willy Wonka Superreep
sit yn in wikkeltsje fan sulverpapier
Sulverpapier mei in pimpelpearse streep
It wiermerk fan 'e echte Willy Wonka Superreep!

Mar harkje allegear, heechacht publyk
Der is in priisfraach fan it suertsjefabryk
Der binne ien, twa, trije, fjouwer, fiif repen
Ja, jim hearr' it goed, jim ha it goed begrepen
yn in gouden wikkel! En wa't der ien fynt
Wat kinne jim winne as sa'n wikkel ferskynt?
Wat kinne jim winne as sa'n wikkel ferskynt?

De priis is absolút unyk
Fiif gouden wikkels, fiif gouden wikkels
In magyske reis troch it suertsjefabryk
Fiif gouden wikkels, fiif gouden wikkels
Dus sykje allegear nei de fiif gouden wikkels
Skuor dyn nagels stikken en dopje dy de fingers stiif
Ien, ien, twa, twa, trije, trije, fjouwer, fjouwer, fiif!

Dus, wolkom allegear, heechacht publyk
Wolkom 'beste kijkers' yn Tersoal en De Gordyk
Jûn is de jûn: bin de gouden wikkels fûn?
Wa binne de lokkigen, wa hat it wûn?
Jim sjogge 't yn 'e Gouden Wikkelshow dizze jûn!
Jim sjogge 't yn 'e Gouden Wikkelshow dizze jûn!
Jim sjogge 't yn 'e Gouden Wikkelshow dizze jûn!

Kom op, publyk, 'laat es wat horen'!
Applaus foar ús presintatoaren:
Fleur du Mal en Mike van Oen!
Wa?
Fleur du Mal en Mike van Oen!!

By sêne 5

Chocolateria

Chocolateria
Chocolate mi amor, amor
Chocolateria
Chocolate por favor

Trabajamos para Willy Wonka
Tocamos las guitarras
Suena Plinka Plonka
Cantamos todas las dias

Chocolateria
Chocolate mi amor, amor
Chocolateria
Chocolate por favor
Chocolate por favor

Chocolateria
Chocolate mi amor, amor
Mar fret mar net tefolle
Dan kinsto net mear troch de doar

Dan krijsto rotte toskan
En litsto fize sketen
Dan krijsto in kop as in ko
Bambolero que si que no
Bambolero que si que no

By sêne 6

Krak de nút

Krak de nút, krak de nút
Krak de nút in dva
Krak de nút, krak de nút
Krak de nút in dva
Krak de nút, krak de nút
Krak de nút in dva

Wonka Wonka hotchacha,
de bêste sil er hahaha
Wonka Wonka hotchacha,
de bêste sil er ha!

Mar fine wy in minne nút
dan donderje wy dy nút derút
en ûnderwilens sjonge wy: Kalin kakaja

Krak de nút, krak de nút
Krak de nút in dva
Krak de nút, krak de nút
Krak de nút in dva

By sêne 7

Trochkôgje

Sjoch, dit is myn dochter, dit is myn dochter, sjoch
Trochkôgje (Hop!) Kôgje troch, kôgje troch
Se kôget as se wekker wurdt en jûns kôget se noch
Trochkôgje, (Hop!) Kôgje troch, kôgje troch

Myn dochter is mei rjocht 'een heel bijzonder kind'
Se kôget net in bytsje, nee, 't is in natoertalint
In goeie kombinaasje fan krêft en technyk
Toksen fan beton en in bek fan elastyk!!

Hast noch nea sawat sjoen, myn dochter Violet wurdt
wrâldkampioehoehoe ...

Sjoch, dit is myn dochter, dit is myn dochter, sjoch
Trochkôgje (Hop!) Kôgje troch, kôgje troch
Fansels moat se trene, dat is in hiel gedoch
Trochkôgje (Hop!) Kôgje troch, kôgje troch

Se stiet op in dieet fan Xylifresh en Stimorol
En no en dan in reade of in blauwe kaugombal
Ik soargje foar de psychyske mintale motivaasje:
Klappen foar de kont mar ek in tût foar in prestaasje

Dat is allinnich mar sûn, myn dochter Violet wurdt
wrâldkampioehoehoe ...

Mar úteinlik moat se it sels wolle
Om my hoecht se echt net troch te gean
Mar it soe foar harsels sa aardich wêze
As se yn it 'Guinness Book of Records' kaam te stean!

Sjoch, dit is myn dochter, dit is myn dochter, sjoch
Trochkôgje (Hop!) Kôgje troch, kôgje troch
Se kôget as se wekker wurdt en jûns kôget se noch
Trochkôgje, (Hop!)
Kôgje troch, kôgje troch, kôgje troch, kôgje troch
Kôgje troch, kôgje troch, kôgje troch, kôgje troch
Kôgje troch, KÔGJE TROCH!!

By sêne 8

Ferjit hoe't it wie

Ferjit hoe't it wie, tink oan hoe't it wurdt
want de tiid giet fierder, hurd, hurd, hurd
Dêr is de takomst al, earder asto tochtst
dêr is de takomst al
Do witst net watsto sjochst
Do witst net watsto sjochst!

Ferjit hoe't it wie, tink oan hoe't it wurdt
want de tiid giet fierder, hurd, hurd, hurd
Dus traapje de takomst op syn sturt!

Want it libben is in sûkerspin
dêr't elk in hap fan nimme kin
in toverbâl mei hûnderttûzen kleuren
en ik wit, en ik wit, en ik wit, en ik wit
dat dyn favorite kleur der tusken sit

Ferjit hoe't it wie, tink oan hoe't it wurdt
want de tiid giet fierder, hurd, hurd, hurd
Dêr is de takomst al, earder asto tochtst
dêr is de takomst al
Do witst net watsto sjochst
Do witst net watsto sjochst!

Ferjit hoe't it wie, tink oan hoe't it wurdt
want de tiid giet fierder, hurd, hurd, hurd
Dus traapje de takomst op syn sturt ...
... ooooh!!!!